

Oan de minister fan Feilichheid en Justysje
Syn Eksellinsje de hear mr. G.A. van der Steur
Postbus 20301
2500 EH DEN HAACH

Ljouwert, 3 augustus 2016

Achte hear Van der Steur,

Jo reaksje fan 7 maart op ús advys ha wy ûntfongen en yngeand bestudearre. It bestjoer fan DINGtiid is bliid dat de minister fan Feilichheid en Justysje it belang fan in goede útfiering fan de Wet gebrûk Fryske taal folslein ûnderskriuwt en dêr aktyf omtinken foar freget. En dat as foarnaamste rigel jildt dat Fryske saken ek yn Fryslân oanbrocht wurde. Fan belang dêrby is op hokker wize de minister fan Feilichheid en Justysje yn it rjochtsferkear dy goede útfiering fan de Wet gebrûk Fryske taal ferankerje en realisearje sil.

Op in inkeld juridysk punt is der in ferskil fan miening, benammen oer wa't úteinlik ferantwurdlik is foar it beskikber stellen fan in dúdlik, foar eltsenien tagonklik, iepenbier beliedsramt. Faaks kin yn in kommend (ynter-) departemintaal oerlis hjiroer fan gedachten wiksele wurde?

Mei freonlike groetnis,



Klaas Sietse Spoelstra

Foarsitter DINGtiid, Orgaan foar de Fryske taal

cc: Minister fan Ynlânske Saken en Keninkryksrelaasjes
Ried foar de Rjochtspraak
Presidint Rjochtbank Noard-Nederlân
Presidint Gerjochtshôf Arnhem-Ljouwert
Nederlânske Feriening foar Rjochtspraak
Oantal Fryske Twadde Keamerleden
Fêste Keamerkommisje Feilichheid en Justysje
Iepenbier Ministearje

POSTADRES

✓ BHP Flex - Blokhúspoarte
✓ Blokhúspanlein 40
✓ 8911 LJ Ljouwert

✓ ynfo@dingtiid.nl
✓ www.dingtiid.nl
✓ @dingtiid